



HOESA FAMILJE?

(Hoezo familie?)

Klucht yn trije bedriuwen

fan

EDWIN WOONS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HOESA FAMILJE? - HOEZO FAMILIE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **EDWIN WOONS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% boete worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% boete verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Frelle Emma - eigeneresse fan "De Ikehôf", sawat 40 jier.

Anna - dochter fan Emma, 22 jier.

Muoike Lyske - sawat 55 jier.

Sjaak Groen - grienteman.

Robin Groen - soan fan Sjaak, 20 jier, sa grien as gers.

Rosa Groen - dochter fan Sjaak, sawat 20 jier.

Gerrit Baak - doarwarder en levensgenieter.

Bella - hiert it túnhúske, natuerleafhawwer, 30+

Albertine - suster fan Bella, yn alles itselde, útfanhûzet by Bella.

6 froulju en 3 lânlju.

TOANIEL:

It stik spilet op it terras fan it bûten " De Ikehôf ". De achterwand is de achterkant fan it hûs. Links fan it midden de túndoarren, rjochts fan it midden in rût. Rjochts fan it hûs op de hoeke stiet in reintonne. Links stiet in skuorke, krekt der foar de stobbe fan in beam dy't as sitplak brûkt wurdt. Rjochts in hage mei it trochgong nei de tún. Op it toaniel stiet links in lisbêd en rjochts fan it midden in túntafel mei fjouwer stuollen. Fierder wat planten en wat struken en mooglik wat túnark.

EARSTE BEDRIUW

EMMA: *(op troch de túndoarren, se hat in steapel post yn de hân. Se giet sitten en nimt de post troch. Se sjocht nuodlik en suchtet)* Rekkens, rekkens en noch es rekkens! Hoe moat ik dat allegear betelje! Ik wit it net mear! *(fearret ynienen oerein)* Wat is dat no, in brief út NijSeelân? *(draait de brief om)* Ooooh... *(giet sitten)* Frelle Laadde La Montagne, muoike Lyske... *(skuort de brief iepen en lest. At se útlêzen is sjocht se der út as hiene se it deafonnis oer har útsprutsen)* Ik bin ferlern! Dit is myn ein! *(sacket mei de hannen oan de holle op de tafel ynelkoar)*

ANNA: *(op)* Moarn mem. *(Emma kreunt allinne mar)* Problemen? *(Emma kreunt wer)* Mem, wat is der?

EMMA: *(komt ynienen oerein)* Ik moat manlju ha!

ANNA: Mem!

EMMA: Ik moat in man ha, in soan, in húsfeint en in túnman.

ANNA: Jo ha 't der al trije en tweintich jier sûnder dien!

EMMA: Do begrypst my net.

ANNA: Nee.

EMMA: Muoike Lyske komt!

ANNA: En?

EMMA: *(jout Anna de brief)* Hjir, lês mar!

ANNA: *(lêst)* Leave Emma, even in koart briefke fan my. Ik bin nei jim ûnderweis. 14 Augustus hoopje ik oan te kommen. Ik bin fan doel om in moanne te bliuwen en ik bin o sa benijd nei dyn man en de bern. Dy grappige húsfeint fan jim soe 'k ek graach moetsje wolle. Ik ha krekt dizze moanne útsocht omdat jim tún der dan op syn moaist by leit. Túnkjen is myn hobby, dat witste. Leafs, muoike Lydia. *(leit de brief del)* Oan wa wie dy brief adressearre?

EMMA: Oan my!

ANNA: In man, bern, in húsfeint en in moaie tún, der kloppet hjir wat net!

EMMA: Wat dan net?

ANNA: Hè toe mem! Jo wolle my doch net wiismeitsje dat jo al dy jierren in húsfeint, in keppeltsje broers en susters en in heit ferstoppe holden ha?

EMMA: Gjin susters, allinne mar in broerke.

ANNA: Hin?

EMMA: No ja, net echt fansels.

ANNA: Oh, stiet er soms op sterk wetter?

EMMA: Hy hyt Walter.

ANNA: Walter?

EMMA: Fynst it net in moaie namme?

ANNA: Ik stean fersteld!

GROEN: *(op)* Moarn dames, moai waar watte?

EMMA: *(bytsje yn panyk)* Eh... goemoarn. Ja, ja, prachtich waar. Wolle jo net even sitte? It is hjir sa hearlik rêstich.

GROEN: Ja like rêstich as yn myn beurs. Frelle, ik krij noch fjouwer hûndert acht en tritich euro fan jo.

ANNA: Hè toe, grienteman, moat dat no?

EMMA: Dêr prate wy anst noch wol oer. Ik sil jo earst mar es in bakje kofje ynskinke, dat giet der wol yn tocht ik.

GROEN: *(sitte)* No, toe dan mar. Sûnder sûker graach, ik moat om de kilo's tinke.

EMMA: *(rint ûnderwilens nei achteren en krijt ergens in blompot wei)* No grienteman, mei dy kilo's fan jo sit it wol goed. Ferskate jongkeardels soene jaloersk op jo wêze. Jo meie der noch bêst wêze.

GROEN: *(dat docht him deugd)* Soa, tinke jo dat? Och, ik bin eins ek wol tefreden mei mysels.

EMMA: *(stiet achter Groen)* Mei rjocht en reden! *(dêrnei slacht se de blompot oan gruzeleminten op de holle fan Groen. Groen sakket sûnder lûd te jaan ynelkoar)*

ANNA: Wat dogge jo no?

EMMA: Wêr liket it op?

ANNA: Op de grienteman dy't jo delsein ha!! *(Emma sjocht nei Groen en laket dan)* En jo fine it noch leuk ek!

EMMA: Hy sjocht der krektlyk út as syn slaad, like wilich.

ANNA: Wa wit is hy wol dea!

EMMA: Wol nee, dy man is net dea, allinne mar yn 'e sûs. *(lûkt oan de grienteman)* Kom Anna, wy moatte him salang feilich opbergje. Ja, yn 't skuorke liket my wol wat. *(Anna docht neat, mar sjocht har mem allinne mar oan)* Ja, wat stiest dêr no te sjen?

ANNA: Hjir begryp ik neat fan. Dy man komt hjir gewoan om wat jild te barren, hy sit noch gjin minút of jo meppe him in blompot stikken op 'e kop! Jo rôpen om manlju, no komt der ien, en jo dreune him daliks tsjin de flakte!

EMMA: It is in rûch begjin, dat jou ik ta.

ANNA: At dit noch mar it begjin is. Jo binne levensgefaarlik!

EMMA: Do begrypst der net al tefolle fan leau 'k.

ANNA: Nee, hielendal dúdlik is 't my net!

EMMA: Harkje. Muoike Lys is de jongste suster fan ús mem.

ANNA: De muoike dy't 14 augustus komt.

EMMA: Ja, dy. Se wie jong fan jierren doe't se fuortgong, mar

doe'tsto geboaren bist, kaam se ynienen wer boppe wetter. Kinst it noch folgje?

ANNA: Foarearst noch wol. *(de bel fan de foardoar giet)*

EMMA: *(senuwachtich)* De bel! Kom gau, yn 't skuorke! *(Anna stoot nei it skuorke)* Nee suffert, do net, hy! *(wiist op Groen)* Kom, krij do dy oare foet.

ANNA: *(docht dit en de dames slepe Groen nei it skuorke. Op dat stuit komt Groen wer by sûpe en stút. Hy kreunt en fielt oan de holle)* Mem, hy leeft wer!

EMMA: Toe gau, jou him in reis!

ANNA: Ikke? Wêrmei?

EMMA: *(skuort it tafelkleed fan de tafel)* Byn him dit foar de mûle, Anna. *(Anna docht dat en Emma set de grienteman heal oerein)* Goed beethâlde! *(rint in pear stappen tebek en lûkt in skoech út)*

ANNA: *(eangstich)* Wat sille jo no?

EMMA: Hy moat útskeakele wurde fansels! *(stoot op de grienteman ôf en jout him in skop yn de mage, Groen slacht dûbel en de frelle jout him dêrnei in klap yn de nekke. Groen sakket sûnder in kik te jaan ynelkoar)* Sa, dat is optreden!!

ANNA: Dat meist wol sizze ja. Leave sei! Earme grienteman!

EMMA: *(grypt in foet)* Kom op, it skuorke yn mei him!

ANNA: *(grypt de oare foet)* Mar fierder fiele jo je wol goed?

EMMA: Bern, ik bin sa sûn as in fisk. In bytsje beweging docht in mins goed. *(se docht de skuordoar iepen en wurket Groen nei binnen)*

BAAK: *(stimmen achter it skuorke)* Hallo! Is dêr ien?

EMMA: Shit!

ANNA: Mem!

EMMA: Toe gau, it skuorke yn! *(se smite Groen yn it skuorke en sels tommelje se der achteroan)*

BAAK: *(komt achter it skuorke wei. It is in kreas klaaide man yn in trijediulich streekjespak. Hy hat in aktetas by him en hy hat dúdlik lêst fan de waarmte. Hy hat mear ferlet fan koelte as achter minsken oan te rinnen)* Ik soe swarre dat ik minsken hearde. Frjemd! *(sjocht om him hinne)* Mooglik binne se al wer yn 'e hûs. Pfff, it is fierste waarm om de hiele dei om in hûs hinne te rinnen. *(nei de túndoarren)* Oehoe. *(rint fierder, Emma docht hoeden de skuordoar iepen en komt foar 't ljocht, Anna achter har oan)*

EMMA: Anna, it is in man.

ANNA: Jo koene wol gleon op manlju wêze!

EMMA: Stil! Sjen wat er docht. *(tegearre nei de túndoarren en gnuve nei binnen)*

ANNA: Hy hat in aktetas by him.

EMMA: Ja fansels, it is Baak. Aardige man, mar hy is doarwarder.

ANNA: Wat docht er no?

EMMA: Hy... hy docht it jaske los.

ANNA: Hy docht it út... Ooohhh...

EMMA: Hy sil doch net... Ja hear... De strik komt ek los.

EMMA: Hy rint nei de bar.

ANNA: Hy pakt in glês...

EMMA: En in flesse... *(Bella en Albertine komme op, se ha beide in brún bloeske en in mansjesteren broek oan, dy't oan de knibbels ta komt. Se ha lange wollen sokken oan en in pear stevige stappers. Fierder ha se in soarte fan gongelstok by har en in fierrekiker om 'e nekke)*

ANNA: Net te leauwen, hy jout 'm del!

BELLA: Sjochst dat, Albert?

ALBERTINE: Ja Bella, ik sjoch it.

EMMA: *(draait har om en sjocht de beide susters)* Ah Bella. Al betiid op jacht?

BELLA: Emma, mei 'k dy yn de kunde bringe mei Albertine, myn suster?

ALBERTINE: Sis mar Albert.

EMMA: *(flústert)* Frelle Emma Dillenburch La Montagne, mar sis mar Emma.

ALBERTINE: Tige nei 't sin.

ANNA: Sis mar Anna. *(der wurdt fûstke)*

ALBERTINE: Myn kompliminten foar jo tún. It is in paradyske! Safolle lânseigene krûden ha ik noch noait byelkoar sjoen.

ANNA: It is gewoan ûnkrûd hear.

BELLA: Fanke, ûnkrûd bestiet net!

ALBERTINE: Krekt sa't Bella seit, ûnkrûd bestiet net.

EMMA: Kin ik jim ek wat oanbiede?

BELLA: Nee, tankje, wy moatte noch wat flinters balsemje.

ANNA: Balsemje? Dat dogge je doch allinne mar by mummys?

BELLA: Fanke, flinters moatst ek preparearje.

ALBERTINE: Krekt sa't Bella seit, preparearje! *(yn de skuorre wurdt kreunt)*

EMMA: *(lichte panyk)* De skuorre.

ALBERTINE: Hearst dat, Bella?

BELLA: Ja, Albert.

ANNA: Dat is ús Flaamske geus.

BELLA: Reus. It is in Flaamske reus, fanke!

ALBERTINE: Krekt sa't Bella seit, reus! *(it kreunen wurdt lûder en der wurdt oan de doar rattele)*

ANNA: Mem!!

EMMA: Sorry dames. *(se stoot nei doar en docht dy iepen. Krekt op tiid kin se Groen, dy't op hannen en fuotten nei bûten sil, tsjinhâlde. Se sleept him de skuorre wer yn en hy krijt wer in behanneling, dêrnei komt se wer foar 't ljocht)* Pffff, it falt net ta om sa'n Flaamske reus nuet te krijen.

BELLA: Flink oefenje, Emma. En oars moastst it es besykje mei in ôftreksel fan de mierikswoartel en de peaskeblom. Mar allinnich by de froulju, de mantsjes wurde der ympotint fan.

ALBERTINE: Krekt sa't Bella seit, ympotint.

BELLA: Kom Albert, achter de flinters oan!

ALBERTINE: *(knikt)* Achter de flinters oan! *(allebeide de tún yn)*

ANNA: Ik tocht dat soks allinne mar yn de Hortus Botanikus foarkaam.

EMMA: Lit mar. Hoe soe 't mei Baak wêze? *(sjogge wer nei binnen en sjogge him oankommen)*

ANNA: Hy komt hjirhinne, mem!

EMMA: Kom gau, yn 't skuorke! *(draait har om en stoot fuort)*

BAAK: *(komt foar' t ljocht op it stuit dat de froulju de doarkruk fan it skuorke beet ha)* Ahhh, felle, oan 't trimmen?

EMMA: *(sjocht wanhopich nei Anna)* Eeh... ja.

ANNA: *(sjocht nei har mem)* Eh... ja sjoch, in bytsje beweging is altyd goed sa op de iere moarn, begripe jo wol?

BAAK: *(giet by it taffeltsje sitten)* Nee, ik begryp it net. Wat ik wol begryp is dat ik hjir in rjochtlik befel ha! *(hellet de papieren foar 't ljocht)* Der stiet yn, dat jo binnen acht dagen in bedrach fan alve tûzen seis hûndert en fiifentachtich euro betelje moatte.

EMMA: Hoe seine jo?

BAAK: In bedrach fan alve tûzen...

EMMA: *(ynfallend)* Ja, ik ha it wol heard.

BAAK: Dat is dan dúdlik.

EMMA: *(nimt Anna mei nei foaren)* It is in man!

ANNA: Mem, jo ha ommers al ien, yn 't skuorke!

EMMA: Mar dat is noch net genôch!

ANNA: Jo ha trije en tweintich jier sûnder sitten, begjin no earst mar es kalm oan.

EMMA: Ik moat se beide brûke!

ANNA: Ik bin wier wol modern, mar... twa...

EMMA: *(mei gjalp)* Ik wol him ha! *(wiist nei Baak)*

BAAK: Kalm no mar mefroutsje, jo binne alhiel hoera!

ANNA: Jo moatte it ús mem mar net kwea ôf nimme, Baak, se is in bytsje fan 't hynder.

BAAK: Dat komt faker foar yn dizze situaasje. At de dames safier binne, ik moat fierder.

EMMA: (*gefaarlik*) Jo binne in man...

ANNA: Mem, kalm no..

BAAK: At jo nei acht dagen noch net betelle ha, dan wurdt der op alle replik en ûnreplik guod beslach lein en wurdt alles iepenbier ferkocht.

EMMA: (*lilk*) Do grut ûngelok datst biste! Sit my dêr myn skoandere drank sûnder freegjen op te drinken! Boppedat klaaid er him ek noch heal út!

ANNA: Ekshibisjonist!!

EMMA: Jaa, ekshibisjonist!!

BAAK: It hat alhiel gjin doel jo sa op te winen!

EMMA: Ik wyn my hielendal net op, man!

BAAK: Ik bin jo man net!

EMMA: Soa, binne jo myn man net? No dêr soe wol es gau feroaring yn komme kinne.

BAAK: Hoe bedoele jo?

EMMA: (*krijt in houten túnstoel en tilt dy boppe de holle*) De skuorre yn!!

BAAK: (*eangstich*) De skuorre yn?!

EMMA: Ja, de skuorre yn!

BAAK: De skuorre yn?!?

EMMA: De skuorre yn!!

BAAK: De skuorre yn???

ANNA: God man, pappegaaï net sa!!

EMMA: (*rint driigjend op him ta*) De skuorre yn!

BAAK: (*komt oerein en rint eangstich achterút*) Jo binne wol foarsichtich hoopje ik!

EMMA: (*docht in pear stappen op him ta*) De skuorre yn!

BAAK: (*docht in pear stappen achterút*) Ik tink der net oan! (*Emma springt mei in gjalp nei foaren, Baak stoot nei de oare kant fan it toaniel, achternei sitten troch de frelle*)

EMMA: (*ropt oan ien wei*) De skuorre yn!

BAAK: (*ropt oan ien wei*) Ik wol net! (*hy rint op in stuit by Anna lâns, dy stekt foet út en Baak falt*)

ANNA: Pak 'm, mem!

EMMA: (*tilt de stoel boppe de holle, sil Baak delslaan, mar Baak rôlet krekt op tiid oan kant. De stoel falt útelkoar op de flier*) Lizzen bliuwe leffert! (*Baak sil oerein, mar Anna hat 'm yntusken beet*)

ANNA: Pak 'm!

EMMA: Hâld 'm beet, Anna! (*nei Baak ta*)

BAAK: (*raast*) Help! Ik wurdt oantaast!!

ANNA: Stel dy net oan man!

BAAK: Dy mem fan dy is gek!! Se wol my fermoardzje!

EMMA: Wol nee, ik fermoardzje gjinien (*Baak suchtet ferromme*)

ANNA: Nee, se slacht jo allinne mar even yn 'e sûs.

BAAK: Yn 'e sûs?

EMMA: Ja, en jo fiele der hast neat fan.

BAAK: Ik fiel der hast neat fan?

ANNA: Dogge doarwarders dat altyd, dat pappegaaien?

BAAK: Mar se kin my samar net yn 'e sûs slaan?

ANNA: Wedzje?

EMMA: (*se jout him in traap yn 't liif en dêrnei in klap yn 'e nekke. Baak saket ynelkoar*) Sa, dat is nûmer twa. Kom, yn 't skuorke mei him!

ANNA: (*helpt Emma om Baak yn 't skuorke te krijen. At dat slagge is stean se nei te hymjen op it terras*) Jo binne wol aardich op gleeed fanmoarn!

EMMA: Ik moat wol bern, ik moat wol.

ANNA: (*sitte*) It is my noch net alhiel dúdlik.

EMMA: No ja, at der hieltyd ien delkomt, kin ik myn ferhaal net ôfmeitsje, fansels! Wêr wie 'k bleaun?

ANNA: Dat muoike Lys werom kaam doe't ik geboaren wie.

EMMA: Goed. Muoike Lys kaam dus ynienen wer foar 't ljocht. De hiele famylje woe lykwols neat mear fan har witte, omdat se stjonkende ryk wurden wie. Se wegere foar Sinteklaas te spyljen en út klearebare jaloerskens liet elkenien har stikke. De ienige dy't net op har jild út wie, wie ik. Se hat destiids in healjier by ús útfanhûze.

ANNA: Dan wiene jo grif har leafste nicht.

EMMA: Ynearsten net. Muoike wie o sa ferbaasd in frommes oan te treffen mei in bern sûnder heit.

ANNA: Jo bedoele myn heit?

EMMA: Ja. Mar do witst ek wol dat jim heit al fuort wie foar datsto der wiest. Ik woe net dat muoike fan dy skande wist, en dêrom ha ik har wiismakke dat jim heit foar de saak nei it bûtenlân wie.

ANNA: Wêrom diene jo dat?

EMMA: Bern, ik stie der doe finansjeel sa min foar! De famylje moast net allinne neat fan muoike ha, mar se lieten my ek stikke. Se fûnen my in min wiif.

ANNA: Mar dêr koene jo doch neat oan dwaan?

EMMA: Nee. (*se tinkt even oan dy tiid*) Nee, ik leau net dat ik der wat oan dwaan koe. Mar goed, ik siet der min foar, mar omdat ik

likegoed muoike yn hûs helle krige ik alle moannen wat jild fan har.

ANNA: Mar wat is dan it probleem?

EMMA: Ik moast muoike tasizze dat ik har alle moannen in brief skriuwe soe om har op de hichte te hâlden fan ûs gesin.

ANNA: En dat ha jo dien.

EMMA: Ja, ik hie jim heit al nei it bûtenlân betocht, dy koe ik net werom helje fansels. Yn de rin fan de tiid ha ik in hiel gesin betocht, ynklusyf in húsfeint en in soan dy't net bestiene.

ANNA: Eins in soarte fan dream dy't yn de brieven levensecht wurden is?


EMMA: Ja krekt! Dat wie myn manier om de swierrichheden te omsilen. (*sucht*) En bytiden leaude ik my sels .

ANNA: En no komt muoike werom en sitte jo mei de brokken.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto